

De werklikheid is in soap allyk

FD 20-04-2000

Yn 1964 skreau Trinus Riemersma syn earste roman *Fabryk*, dêr't er yn 1967 de Gysbert Japicxpriis foar krige. As de fabryksarbeiders yn dat boek op in stuit hiel foardelich oan in tillevyzje komme kinne, is it tastel op it fabryk it petear fan de dei en ûnderwerp fan hiel wat diskusjes. Hast fjirtich jier letter lit Trinus Riemersma mei syn nijste roman *Sinleas geweld* sjen dat it ferskynsel tillevyzje him noch al'titen yntrigearret. Hy hat de roman nammentlik getten yn de foarm fan sân tillevyzje-útstjoerings fan Omrop Fryslân Tillevyzje.

GERBRICH VAN DER MEER

De skriuwer hat him foar syn tillevyzjeyûnen liede litten troch it trochsnee oanbod fan de publike en kommersjele omroppen. Sa komme net allinnich it sjoernaal en it waarberjocht op it aljemint, mar ek in aktualiteiterubryk en in 'sjippesearje'. De sjochjûnen wurde ôfsletten mei twa programma's mei in heech absurdysk en hilarysk gehalte, dêr't de lêzer earst lichaamlik, dan geastlik oan syn gerak komme kin. De programma's dogge faak in soad tinken oan besteande útstjoerings. Sa wurdt it waarberjocht tige persoanlik ferslein troch Paulus Houtwurm en docht dûmny Eamelsek syn preektoan tige tinken oan it konsept fan 'dominee Gremdaat' fan Paul Hanen. De opset fan it praatprogramma *Op slach fan tsienen* fan Sjoeke Simpelsiel liket op dy fan *Rondom tien* en yn de misdiedsjoernalistyk fan de eigensinnige Roas Spoarnoas binne dúdlike oerienkomsten te finen mei de misdiedferslachjouwer Peter de Vries. Op sneintejûn is der in petear mei minister-president Kak en it liket net tafallich te wêzen dat júst de abbekatewilling Pabe en Wabe de haadfigueren binne yn de sjippesearje *It abbekatekantoar Harkeniel*.

Moard

De ynhâld fan de tillevyzjeútstjoerings docht jo al like folle tinken oan de werklikheid fan al den dei. Sa hat de hear Geart Opstermaat bygelyks de politike partij Soarchsume Mienskip oprjochte nei de moard op syn dochter Hinke en wurdt Durk Koartfoardekop nei in korrizjearjende opmerking mei in mes deastutsen. Yn it sjoernaal wurdt gewach makke fan in fjochtpartij tusken fuotbalsupporters dêr't in deadenien by falt en fierders wurdt dúdlik dat der yn it pension fan Hiltje S. in moard begien is. Troch it *sinleaze geweld* as haadtema fan it boek te kiezen, hat Riemersma in ûnderwerp oansnien

dat o sa ta de ferbylding sprekt en dêr't eins eltsenien wol in sechje oer hat.


It tema wurdt net allinnich yn de ynformative programma's fan alle kanten beljochte, ek de reklame stoart him derop. Sa komt de SKE-MA mei in pracht oanbieding: 'foar in lyts pryske fan 9,95 gûne krije jo in handich doaske mei tsien waksineljochtsjes, fiif lange wite kearsen, fiif swarte sierkearsen en tsien driuwkearsen. It doaske kin yn 'e binnenbús of hântas meinommen wurde en is tige handich as jo ûnferwachts bylâns in plak komme dêr't ien om it libben kommen is. Mei dit doaske mei kearsen hoege jo net beskamme troch te rinnen en as in asoasjale hufter te boek te stean, mar jo kinne mei oaren fan jo deelnimming tsjûgenis jaan.'

Zappe

Troch de tillevyzjeyûnen skriftlik wer te jaan twingt Riemersma de lêzer om 'de bylden' troch in oare bril te besjen. By de tillevyzje hawwe jo de mooglikheid om yngeand yn in program op te gean, om te 'zappen' as eat jo net oanstiet, wat wei te dreamen of it apparaat út te dwaan. By it lêzen fan in boek is it meastal sa dat jo of it boek hielendal útlêze of nei in skoftke weilizze om't jo der net trochhinne komme kinne. Troch de skriftlike werjefte fan de tillevyzje-útstjoerings hat de lêzer net mear de mooglikheid om gau oer te skeakeljen of wei te dreamen en dat soarget derfoar dat de lêzer yn *Sinleas geweld* alle sin en ûnsin fan in wike tillevyzje foarset kriget. En krekt as by de tillevyzje sil it iene programma de lêzer mear oansprekke as it oare. Dêr't de iene him de bûsen útskuorre sil fan it laitsjen, sil de oare skodholdjend sitte te lêzen. Dêr't de iene him hielendal yn fine kin, sil de oare sizze dat it ta de protters raast.

Twingend

It tema *sinleas geweld* is o sa konkreet oanwêzich yn de roman *Sinleas geweld*. Dochs liket de titel



Trinus Riemersma lit yn sawol syn earste roman *Fabryk* as yn syn nijste boek *Sinleas Geweld* sjen dat it medium tillevyzje him yn 'e besnijning hat.

Foto: Frans Andringa

fetber te wêzen foar meardere útlizzen. De foarm dêr't Riemersma foar keazen hat: de werjefte fan in rige tillevyzje-útsjoeringen, set jo oan nei te tinken oer it fenomeen tillevyzje en it (*sinleaze*) geweld dat it kastke te weech bringe kin. It me-

dium hat as konsumpsjeprodukt faak in twingende ynfloed op it sosjale libben en is foar guon de ienichste boarne om in miening te foarmjen. Fjirtich jier lyn tematisearre Riemersma dy ynfloed al yn de roman *Fabryk*. De haad-

persoon fan dat boek komt op in stuit op besite by minsken dy't krekt in tillevyzje hawwe. It wenstige jûnpraten bliuwt út om't der tillevyzje sjoen wurde moat. Nei in skoftke wurdt de haadpersoon hellich op dat kastke: 'Op dat stuit flik-

kere it byld helder op, de dûns wie ôfrûn. Yn 'e keamer hearde men trije suchten, en trije lichems waarden yn 'e stoel omheech hyst. Doe't ik dat goed yn my omgean liet, waard ik wee en liik: it each fan God ljochtet, en yn tûzenen wenkeamers ferskeuke safolle tûzen minsken op de stoel en litte in sucht hearre. Men soe hinnegean en slach dat each fyn en wâdzje dy hiele rotkast yninoar'.

Yn *Sinleas geweld* hâldt Riemersma de lêzer in spiegel foar troch him fia de letterlike werjefte te twingen ûnder eagen te sjen wat der alle jûnen foar syn eagen ôfspilet. Sa jout er de ekshibisjonistyske tendinzen op it byldskerm wer troch dy programma's te begekjen, dêr't alles mar kin en mei; dêr't alle grinzen sljochte lykje te wêzen. Ek parodiarret er de útstjoerings dêr't minsken al har (yntime) swierrichheden etaleare as praten hja mei harren bêste freondinne. Dat te keap rinnen, dat Riemersma oan de kaak stelt, jout de skriuwer lykwols tagelyk prachtige hânsels om absurdistysk út te pakken en dêr liket er o sa'n nocht oan te hawwen.

Riemersma snijt yn dizze roman ek de problematyk fan 'de' werklikheid en 'de' wierheid oan: in tema dat ek yn eardere romans fan him te finen is en dat yn it deistich libben foar gâns geastlik of lichaamlik geweld soargje kin. Yn *Sinleas geweld* ferwurket er dat ûnder oare troch feit en fiksje troch elkoar te heljen. Sa wurdt bygelyks ynformaasje út it nijs- en aktualiteitprogramma fan Sjoerd Bargebloed en de sjippesearje oer it abbekatekantoar Harkeniel oer en wer brûkt.

Oars as men miskien no fan tinken hawwe soe, stiet de ernstige ûndertoan fan dit boek de kolder nea yn it paad. Want *Sinleas geweld* is yn 't foarste plak gewoan in healwiis boek dat lêst dat it slydjaget. Yn dy healwizens siket Riemersma hieltiten de balâns tusken sin en ûnsin, orizjinaliteit en klisjee. Riemersma hat keazen foar in foarm dêr't yn in wike sjochnocht deselde programma's hieltyd wer yn werom komme. Oan de ein fan it boek wurdt lykwols dúdlik dat it iene programma him folle better lient foar kontinuearring as it oare. Wylst guon programma's jo oan de ein ta yn 'e besnijning hâlde, feroarje oare programma's fan orizjineel yn klisjee. Mar zappe kinne jo net...

Hjir besprutsen:

Sinleas geweld, Trinus Riemersma, Kôperative útjouwerij Boalsert, 2000. Priis: 45 gûne.